

ALTYD WAT
Mensje van Keulen

Annie en Louise wienen al jierrenlang befreone. Neat mocht harren freonskip oait bedjerre en noait soenen se elkoar yn 'e steek litte, wat der ek barre soe. Mar sûnt de begraffenis fan André, Annie har man, liek Annie dy wurden fergetten te wêzen. Se kaam net mear spontaan by Louise lâns en as der in ôfspraak makke wie, wist se yn 'e regel op it lêste momint in ferlechje te betinken om dy net trochgean te litten. De inkelde kear dat it der wol fan kaam, die se ûnynteressearre en liek se har humor en waarmte ynruile te hawwen foar snibbichheid.

Louise, sels trije jier en fjouwer moanne widdo, makke har soargen. Wat mankearre har freondinne? Wie se siik? Kaam it troch de rou om André? Op in middei socht se Annie ûnferwachts op, mar se wist har, ek al hie se in doaske mei Annie har favorite sûkeladetruffels meinommen, net oer te heljen om in pear dagen nei in hotel oan de kust te gean dêr't se foarhinne graach kamen. Se seach der dan ek fan op doe't Annie noch dyselde jûns opbelle om te sizzen dat it in goed idee wie om der tegearre op út te gean, al woe se dan elk op in eigen keamer en midden yn 'e wike, sadat der gjin deitoeristen omhongen.

En sa sieten se begjin maart yn in strânpaviljoen oan 'e kofje, omdat it noch te betiid wie om yn te checken. Louise hie krekt har bril opset om te sjen nei de seefûgels en de lytse grillen, dy't sa hurd foar de brâning hinne en wer draafden dat je harren tinne poatsjes amper ûnderskiede koenen, doe't Annie sei: 'Dy mich. Moatst ris sjen wat dy docht.'

Louise seach oer har bril hinne en sei: 'Hy rint op 'e tafel.'

'Ik sit dêr no al in pear minuten nei te sjen en hy docht niks oars

as hinne en wer rinne, eefkes op de menukaart en dan wer op 'e tafel. Wat is dat no foar libben.'

'Miskien is dêr wat griemd dat er lekker fynt.'

Annie liet har hân oer de tafel krûpe en de mich fleach fuort om in pear tellen letter opnij by de menukaart del te striken.

'Dêr is er wer en hy docht presys itselde. Krekt as ik. Ik gean moarns fan 't bêd, rin wat yn 'e hûs om, sit, yt, rin, sit, yt, rin, gean jûns wer op bêd. En ûndertusken pikerje ik.'

'Do bist noch yn 'e rou, leave. It is net sa frjemd datsto pikerest.'

'Do bedoelst datsto dêr alles fan witst omdat dyn Niek al trije jier dea is en ik pas sûnt desimber gjin man mear ha.'

Louise slokte en seach wer nei bûten. Oan 'e kym waard it tsjusterder, wêrtroch't de see, noch yn it sinneljocht, sulverkleurich waard.

'It is goed datst der even út bist,' sei se. 'Aansten geane wy nei it hotel en dêrnei ride wy nei in moai plakje yn de dunen, kuijerje dêr wat foarsafier't dat slagget mei dyn knibbel, en sjogge út nei it diner.'

'Ik hoech de lêste tiid net safolle.'

'Dat stik apeltaart hast oars hielendal opiten.'

'Sûnder derby nei te tinken. Ik doch in hiel soad sûnder nei te tinken. Ik ha dy taart net iens preaun, ik fernaam allinnich mar dat it te kâld wie. Fansels te let út de friezer helle. Dizze saak komt my trouwens net bekend foar.'

'Kloppet ja, hy is nij. Der wie sa'n ôfslach fan 'e dunen dat it net lang mear duorje soe of dat âlde paviljoen wie nei ûnderen stoart.'

Annie seach demonstratyf om har hinne. 'It is der net op foarútgongen. Rare planten, lûde muzyk, gekke dingen op 'e kaart sa as pompoenbitterbal.'

'Oars moatte wy dy kant mar útgean,' sei Louise. 'De keamers binne meastal al foar trijen beskikber. Ik rekkenje even ôf.'

Wylst se by de kassa stie, seach se hoe't Annie wat út har tas helle en de tas wer tichtritste. Dêrnei rûn se sûnder op har te wachtsjen nei it parkearterrein. Wat besiele har freondinne dochs?

Op 'e hinnereis wie se al begûn te kleien en te krimmenearjen. Oer de ûneachlike strjitlampen by har yn 'e strjitte, har pynlike rjochterknibbel, it net sliepe kinnen, de bern fan de buorlju dy't slakken yn har tûn smiten hienen. En no dit, net wachtsje, neat sizze, gewoan fuortrinne.

Louise hold har yn. Sa gau't se ynstapt wienen, sei se sa luchtich mooglik: 'Op nei it hotel.'

Se ried de auto achterút en doe't se dêrby de holle fansiden draaide, seach se dat Annie har hannen yn 'e skurte lein hie, de fingers fan de linkerhân wat útelkoar, wêrtroch't goed te sjen wie dat André syn trouwing om har tomme glânze.

'Do hast André syn trouwing om.'

'Presys. It liket wol oftst dêrfan skrikst. Ik wie fan doel om him neist myn eigen ring te dragen, mar dan moast der in stikje út seage wurde en dat wol ik André net oandwaan.'

'Om dyn tomme, Annie...'

'Ja, wêrom net. En wêrom hasto dy fan Niek einliks net om? Do draachst dy fan dysels net iens mear. Holdsto wol fan Niek? Ik ha my dat faker ôffrege. Ik ha sels tocht datst wat mei in oar hiest. Mar dat soest my ferteld hawwe, net?'

'Annie, wat hellest dy yn 'e holle?'

'Ik ha ek tocht dat André achter myn rêch om in ferhâlding hie. Dêr pikerje ik hieltyd oer. Fan 'e moarn noch. Dat skilderij yn myn sliepkeamer dat tsjinoer myn bêd hinget. It wie sa gerêststellend, mar no krij ik dêr de senuwen fan, want stel dat André dêr mei in oare frou nei lein hat te sjen. Hy wie mýn man, hast fiifenfjirtich jier wie hy mýn man.'

'Dat wit ik dochs, Annie.'

'Dat skilderij moat de doar út. Wolsto it soms hawwe?'

'No... Ik besykje just in bytsje op te romjen. Och, sjoch ris nei dat wetter, dêr steane in pear leppelbekken, geweldich!'

'De earste spatsjes,' sei Annie. 'Ik wie der al bang foar. Eartiids, as ik op bêd lei en ik hearde de rein yn 'e goate, dan stelde ik my foar

dat wy by in beekje leinen, mar no't André der net mear is, tink ik dat de goate wol wer ferstoppe reitsje sil troch dowestront en oare rommel.'

'Oan 'e kust kin it gau wer drûch wêze,' sei Louise.

'It reint te faak en tefolle en it is ek te faak drûch en te waarm.'

'Sjoch nei de bermen, Annie. Piipkrûd, margriten, en al dy klaproazen, safolle klaproazen ha der yn jierren net west, de blommen hawwe der sin oan.'

'Welnee, de ierde giet deroan. Wat in segen, elkenien ophoepele, einliks rêst.' En yn ien sike troch: 'Ik krij pineholle. Dat wurdt gjin kuierjen foar my. Ik moat my deljaan foar't it slimmer wurdt. Do fermakkest dy wol sûnder my.'

'Wolst in parasetamol?'

'Dy helpe net by dit soarte pineholle. Moatst de rutewiskers oansette.'

De rutewiskers dienen in úthaal en herhellen dat yn de lêste pear kilometer noch twa kear.

'Ik draach dyn koffer wol nei boppen,' sei Louise, nei't se yncheckt hienen en de paskes krigen hienen foar harren neffens de resepsjoniste 'connecting rooms'.

'Graach, ja. Dat fanke fan de resepsje die krekt as koe se ús noch. Dêr leau ik neat fan. En wêrom moat tsjintwurdich fan alles yn it Ingelsk.'

Louise frege oft Annie keamer trije of fjouwer ha woe. Al wienen de keamers hielendal gelyk, miskien woe se earst even sjen?

'Trije is gjin geloksnûmer foar my,' sei Annie, 'dus fjouwer.'

'Hoe let sil ik dy roppe?'

'Ik wol betiid ite, want ik wol net te let op bêd. As ik net yn myn eigen bêd lis, is it noch lestiger om yn 'e sliep te fallen.'

'Tsjin seizen?'

'Sokssawat. En dan sjoch ik wol hoe't it is en oft ik sin oan wat ha.'

'Sterkte,' sei Louise.

Mismoedich ried se even letter nei in dúngebiet in eintsje

fierderop. Se die in kuiertocht fan fjouwer kilometer, oanjûn mei blauwe pylkjes. Sa no en dan stie se stil om út te sjen oer it lânskip en djip te sykheljen. Wer werom yn it hotel lies se oan de lêstafel yn de brassery in achterlitten moarnskranke en in lokaal nijsbledsje. In bewenner, koartlyn hûndertfjouwer wurden, waard betocht. In brouwerij hie in priis wûn mei in bier dêr't oardel prosint alkohol yn siet. In bon foar in bakje kofje mei friandize by oankeap fan minimaal fyftich euro yn in kleanboetyk.

Fol spanning kloppe se om tsien oer seizen op de doar dy't harren keamers ferbûn.

'Ik siet al op dy te wachtsjen,' rôp Annie. 'Ik kom deroan.'

Se wie bleek om 'e noas. It like wol oft har rimpels djipper wienen en har mûlshoeken mear hongen. André syn trouring glom net mear om har tomme. Se woe allinnich mar in omelet mei wat bôle. De betsjinner, in kreaze jonge mei in súdlik foarkommen, sei dat in omelet foar de lunch bedoeld wie. Doe't Louise freonlik sei dat se ek in omelet ha woe plus patat en in salade, naam hy de bestelling op.

Annie sei gjin wurd. Se iet traach, stiel no en dan in patatsje en helle dat royaal troch de mayonêze.

'Altyd wat mei my, hê, de lêste tiid,' sei se ynienen nei't se de lêste hap fan har omelet nommen hie. 'Mar dêr ha ik sa myn reden foar.'

'Wat is dy reden dan dochs, Annie? Ik ken dy gewoan net mear.'

'Kin ik net sizze.'

'Bist siik?'

'Siik? Ja, miskien bin ik wol siik. Dêrom gean ik no mar wer nei boppen. Oant moarnier.' En mei dy wurden liet se har âlde freondinne allinnich.

Louise naam, mear om de ober net teloar te stellen, in neigesetsje fan trije boltsjes sorbетиis sûnder dêr folle fan te priuwen en socht ek har keamer op. Se seach út oer it doarpsplein. It hie net reind, de jûn wie helder en stil. Se die de gardinen ticht en seach telefyzje, sûnder dat der wat ta har trochkrong. Om kertier oer njoggenen die

se it ljocht út om in pear oeren letter wekker te wurden fan in streek ljocht dy't oer har hinne foel. Yn 'e doar iepening stie Annie yn har nachthimd mei blauwe fiskjes derop.

'Wolst de reden witte?' sei se mei in snik. 'Dat bisto. Ik tink datsto wat mei André hiest.'

'Annie, hoe komst dêr no by? Kom hjir, kom op myn bêd sitten.'

Se kaam, fuotsje foar fuotsje. Mei it gesicht ôfkeard begûn se: 'Doe't André al heal yn koma lei, sei hy in pear wurden. Hy wie min te ferstean, mar ik ferstie dyn namme en it klonk sa... sa leafdefol... Ik wie al hiel lang bang dat hy fereale wie op in oar, mar ha dêrby noait oan dy tocht. Doe begriep ik dus datsto it wiest. Do dy'tst studearre hast, lekker itensiede kinst, slank bleaun bist, mei in kompjûter omgean kinst, ik ha net iens in rydbewiis... Wat ha ik al dy jierren einliks betsjutten?'

'O, Annie.' Louise begûn no ek te gûlen. 'Hy wie gek op dy, hoe koest no dochs tinke dat hy en ik...? Miskien hie er it oer dyn beppesizzer of jim eardere hûn, och nee, hy bedoelde fansels dy! Hy koe net goed mear prate, hy sliste ek altyd in bytsje. Wat dochst dysels oan? Al dat fertriet om wat dat noait bestien hat... Ik soe dy fan myn libben net besoademiterje, noait!'

Se luts har freondinne nei har ta, fiede hoe't dy kalmearre. Wylst se har oer it tinne hier aaide, tocht se oan André en oan de leafde en harren bedroch jierren ferlyn. It hie net lang duorre, se hienen besletten dat it net koe, net mocht om de oaren, mar alle kearen as se elkoars blik fongen, dielden se dat oantinken. Ek no fiede Louise har hert bonkjen. Om de heugenis, om har eigen man, om de freondinne dy't se noait yn 'e steek litte wollen hie.

'Lekker, dat aaien,' sei Annie. 'Mar aansten aaist my keal.'

Se begûnen tagelyk te laitsjen.

Louise sei: 'Yn it buro sit in kuolkastje ferstoppe. Dêr leit sa'n minyflaske wyn yn. Wy helje de plestik bekerkes út de badkeamer om te proasten, want wy binne der noch, kom op, wy meitsje der noch wat fan.'

Mensje van Keulen (1946) debutearre op jonge leeftiid mei de yntusken klassike roman *Bleekers zomer*. Sûnt skreau se in grut ferskaat oan romans, ferhalen, gedichten, kroniken, deiboeken en jeugdboeken, krige se nominaasjes op long- en shortlists en ûntfong se foar har oeuvre de Annie Romeinprijs, de Charlotte Köhler Prijs en de Constantijn Huygens-prijs. Har ferhalebondel 'Ik moet u echt iets zeggen' (2020) waard bekroand mei de J.M.A. Biesheuvelprijs. Dit jier fiert se har 50-jierrich skriuwerskip, yn juny ferskynde har nije boek *Het kattentheater*. Mensje van Keulen is de sânde skriuwer yn 'e rige dy't it Nasjonale Foarlêslunchferhaal skriuwt.

Dit ferhaal is skreaun yn opdracht fan de Leescoalitie yn it ramt fan de Nasjonale Foarlêslunch 2021. Op freed 1 oktober 2021, Nasjonale Aldereindei, wurdt de njoggende edysje fan de Nasjonale Foarlêslunch holden. Bekende en ûnbekende Nederlanners lêze dy deis foar oan âlderen troch it hiele lân. Mensje van Keulen lêst it ferhaal sels foar op telefyzje, om 13.15 oere by Omrop MAX op NPO1. De Foarlêslunch wurdt organisearre troch de Leescoalitie yn gearwurking mei de Biblioteken en lit sjen dat foarlêzen in maklik ta te passen deibesteging is, dy't bydraacht oan de kwaliteit fan soarch foar âlderen.

